

Mei 2-2 allegear tefreden en ûntefreden gesichten

SDS hie foar dizze wedstriid “WeekendjeWeg” as ekstrasponser op de kop tikke. En om de sponser net teloar te stellen wiene twa bestjoersleden en twa spilers fan SDS der in (lang) wykein op út. Trainer Jaap de Blaauw fan SDS hie mei dizze sponserferplichtingen fan de earste twa minder problemen as mei dy fan de twa spilers. Sij makken ferline wike diel út fan in formaasje dy’t suksesfol wie en omdat ek Erik Haitsma blesseard wie, moast hij puzzelje.

De Ljouwerter trainer keas foar in defensive oplossing en sa mocht Jelmer Posthumus as iensume spits it fjild yn. SDS gie fier werom op eigen helte en besocht mei útfallen noch wat gefaar te stichten. De Bunnik site, dy’t altyd neist it doel fan de tsjinstanner stiet, prottele wat ôf want selden seagen se in gefaar foar it ONT doel. It foel net foar de swart witen net ta om de fal foaryn te krijen want der gie yn it oanspyljen in hiele soad mis. Ek ONT koe yn de earste helte net echt in fûst meitsje en makken it measte gefaar troch frije trapen en korners.

Der wiene al meardere potensiele stikjeskriuwers dy’t harren melden mei de wurden: Hast oan trije wurden seker wol genôch om de earste helte te omskriuwen. Nee dus, op dit stuit sit ik al op 221 wurden.

In minne earste helte, in ferkuollend drankje en in goed petear yn it skoft, is risikofol foar in stikjeskriuwer. Want foar ‘t je it yn de gaten hawwe, is it glês noch healfol en de wedstriid al oan de gong. Gelokkich binne der goeie waarnimmers dy’t wol op tiid wer efter it stek steane en de supporters mei giele jassen oan en giele sjalen om seagen wakker bliid. ONT hie de skoareboerdbijhâlder oan it wurk setten.

Soms makket it neat út dat in tsjinstanner skoart, sa as no. SDS wist no dat der in skepke boppe op moast en mei Wytze Lanting foar Anne Stenekes kaam der mear driging nei foaren. Tsjipke Okkema liet him mear foar it doel fan ONT sjen en neidat hij earst te behearst yn de hannen fan de doelman sjit is syn twadde poging wol rekke. Wij skriuwe dan minút 62 en alle swarte gesichten fan de swart witen fan SDS krije wer wat kleur. Dy supporter fan ONT ergerje harren dan al blau, en sa hjit de trainer fan SDS ek, mar dan mei twa A’s en yn fatsoenlik Nederlânsk, dus mei in w der efter.

Yn minút 64 is it hielendal feest bij SDS. Jelmer Posthumus wurdt djip yn it strafskopgebiet oantikke at hij kappe sil en de skiedsrjochter dy’t te let yn Easterein oankommen wie (en dat op de dei fan de skiedsrjochter), wiisde nei de stip.

No betsjut in strafskop foar SDS net altiten in doelpunt (it Clarence Sluierklassemint is populair) mar oanfierder Tsjipke Klaas liet dizze doelman kansleas. “Sa nim je in strafskop” sei de man dy’t de technyske saken bij SDS yn portefeuille hat. De SDS-supporters seagen it wer hielendal sitten en ONT besocht mei sân hasten nei foaren te kommen. Tweintich minuten libbe SDS op de “alwerinoerwinningwolk” mar moast yn de 84 ste minút de lykmakker tastean.

Net in beste mar wol in sportive wedstriid einige yn 2-2.

Nei ôfrin moasten de trainers en oare begelieders fan beide ploegen wol tajaan dat in gelykspul wol in goeie ôfspegeling wie mar dat der ek wol mear ynsitten hie. Tefredenheid en ûntefredenheid geane soms hân yn hân.

Aant